

Frjemde fûgels

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 745 7

1e printinge 2025

© 2025, Jan Schokker

[www.janschokkerart.nl](http://www.janschokkerart.nl) - boeken - blog - skilderwurk

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Printwurk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Skilderwurk omslach: Jan Schokker

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân.

**provinsje fryslân**  
**provincie fryslân** 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke wurde troch middel fan druk, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# Frjemde fûgels

Jan Schokker





## Ynhâld

Grienling	9
Stress-sweltsjes	12
Oanfinkfûgels	15
Rompslompdown	17
Lústerfinken	20
De lokein	22
Alde protters	25
Nij nêst 2	27
Nij nêst 3	30
Nij nêst 4	32
Nij nêst 5	34
De keuringsfûgel	36
Moraalfûgel	39
Einjiersflechtfûgel	41
Wergebrûkfûgels	44
Der Tischtikker	47
Googlefûgel	50
In das sa fet as in fûgel	53
Tebekfûgel	57
Fakfûgel	60
Sportfûgel	63
Pompeblêdljip	66
Kening ûle	69
Snaffelkapkes	72
De Amerikaanske kealkopearn	75
Foarum-ûlen	79
Redendiele	82
Kompensaasjefûgels	86
Keunstfûgels	89
Ule-oerlêst	92

5G-fûgels	95
Drokke fûgeltsjes	98
Knooppuntdownen	100
Brûsfûgel	103
Panfûgel	106
Murdejachtfûgel	109
Yogafûgel	112
Flaeijelfûgel	115
Ferhalefûgels	117
De krampfûgel	121
Geloksfûgels	124
Glûpertfûgel	128
Nul-punt-nulfûgel	131
Foarâlderlike fûgels	134
Robotfûgeltsje	138
Fretfûgels	141
Tikkytikkyfûgel	144
Kompetysjefûgels	147
Stoere fûgel	149
Philipsfûgels	152
Ulepartij	155
Laadfûgel	159
Skele ûlen	163
Fanatike fûgels	167
Uleballen	170
Seksy fûgels	173
Pronkfûgels	175

Mei tank oan myn moaie broer Lomme.





# Grienling

‘Hee, agressive túnkabouter! Moat it sa grouwélích?’

Ik wie de wâl efter de loads, neist it lân fan buorman, oan it snoeien en seach om my hinne wêr’t dat lûd weikaam, wylst ik wer in pear tûken op de bulte lei.

Wat it wie, wit ik net, mar it hie in hege stim. Wat berneftichs. Earder miende ik ek al dat ik wat hearde, mar ik seach nimmen.

Der fladdere wol hieltyd in lyts grien fûgeltsje om my hinne. Dan wer siet it op myn bulte tûken, dan wer hipte it yn de strûken om, fierderop, mar meastentiids hold it ta oan de sleatskant, krekt boppe it wetter. Suver gesellich.

Ynienen siet it op de tûke dy’t ik pakke soe.

‘Hee, ik sis wat tsjin dy.’

‘Huh, kinsto prate?’

‘Fansels! En teminsten as ik de smoar yn haw.’

‘Do bist in grienling dochs?’ frege ik.

‘Jawis, famylje fan de pappegai.’

‘Famylje? Nee wol?’

Earne hie ik lêzen dat er by de finken hearde.

Efkes seach er in oare kant út en sei doe:

‘No nee, grapke, oantroud.’

En dizze fink hie de smoar yn?

‘Wat hast op ’e lever?’ frege ik. Ha fûgels in lever? Sil wol, want hy hie de smoar yn.

‘Bist myn habitat oan it fernielen.’

‘Ehh, no ja, buorman koe de sleat sa net mear hekkelje,’ lei ik kalm út, ‘de beammen en tûken groeie oer de sleat hinne.’

Underhâld, dat moat sa no en dan. Mar der bliuwt wol wat strûke- en beamkeboel stean.’

Hy seach om him hinne, rûn read oan en dat wie útsûnderlik foar in grienling:

‘Der bliuwt hielendal neat stean, kapst wol hiel resolút.’

Hoe koe sa’n moai fleurich en kleurich fûgeltsje no sa negatyf wêze, frege ik my ôf. Lykwols, troch syn leverprobleem beseach ik de wâl mei oare eagen en it wie yndied wol hiel keal.

Hy fladdere omheech en hipte doe nei myn elektryske Stihl kettingseage en sei:

‘Koest der no earst net wat tuskenút helje en dan oer twa jier it oare part? Dit is in kealslach en mei dy waarme simmers ha wy hjir aanst in soarte fan Sahara en dan ha wy hielendal gjin plak mear om de famylje wat út te wreidzjen.’

Sa’n grienling soe de waarmte opsykje moatte, dan hie er my net lestich fallen. Mar ja, hy hie wol gelyk, al hie dizze túnkabouter wol in ekskús.

‘Hast gelyk,’ sei ik, ‘mar ik wie yn gedachten.’

No wie hy oan bar om ferwûndere te wêzen.

‘Yn gedachten snoeie?’

‘Ja, ik moast neitinke. Mar ik kom der net út en dan set ik troch sûnder omtinken, sis mar.’

Grienling gie op myn skouder sitten.

‘Wolsto deroer prate?’ frege er.

‘Ik sil in kollum meitsje, mar ik wit noch net wêroer.’

‘In kollum? Is dat net wat foar âlde prottelkonten?’

‘Fan alles haw ik by de ein hân. Ik tocht earst dat it wat aktueels wêze moast, mar ear’t ik wat op papier ha, leit der al wer in oare ramp oerhinne mei allegear oanspielde konteners.’

Hy stuts de snaffel omheech en sei:

‘Nim sa’n brexit, bliuwt aktueel.’

‘Ja, mar dan moat ik der ek noch wat fan fine.’

‘Gewoan alles ôfkreakje,’ sei it eigenwize finkje, ‘dan is it krekt as hast der doel oer. Boppedat, it negativisme is yn de moade. Sa hast samar in protte meistanners.’

‘Dat is in polityk dêr’t ik neat mei te krijen ha wol. Ik sykje gjin meistanners. It moat gewoan opfallend posityf wêze.’

Grienling hipte wat efterút. It like wol as skodholle er.

‘Kin neat wurde,’ sei er. ‘Kinst better wat nije strûkjes oanplantsje. Dat soe posityf wêze, mar dêr hoechst perfoarst net in kollum oer te meitsjen.’

‘Perfoarst,’ tocht ik. Dat is in Frysk wurd dat nimmen mear brûkt en sjoch dan sa’n lyts eigenwiis fûgeltsje. Moai geef Frysk! Dat is hiel posityf!

Letter haw ik swier depressyf buorman syn wâl ek noch snoeid, want it fûgeltsje hipte noch wol om my hinne, mar sei neat mear.

Fansels net, wat kinst no ek fan in grienling ferwachtsje?

## Stress-sweltsjes

Se dûke hast alle dagen by ús bedriuw de oprit yn, de besoargers fan PostNL, DHL, UPS en DPD. Sa drok as sweltsjes, sa gysten ek. It buske, fol mei pakketten, moat sa gau mooglik leech en dat is bealgjen. Der binne pakjes by dy't foar in bepaalde tiid teplak wêze moatte. Dat kin inkeld as se ymprovisearje en dus in rûte ride dy't net werklik ekonomysk is. Mar de klant is kening en de besoarger de lakei. Ik tink dat de bedriuwen dy't de pakketten besoargje litte it leafst ha dat de besoargers it op de knibbels ôfleverje. Want wa hat derom frege dat it pakketsje de oare deis al by de klant wêze moat? Moai dat it kin, mar eins is it idioat. Wat sette se der in druk op, allegearre stress. Der binne sels webwinkels dêr't men oant jûns tsien oere bestelle kin en dan noch hat men it de oare deis al yn 'e hûs. De oarderpikkers sille wol heech oplate en min betelle robotten wêze, mar it is in service dy't by it kriminele om't ôf is. Foar fiif euro bringe de besoargers it teplak en dat binne gjin robotten.

Hoewol? DHL – en nei alle gedachten de oare oanbieders ek – ha de besoargers útmeunsterre mei in mobyl dêr't in app op sit dy't in smiley jout as se noch op tiid ride en in read tomke dat nei ûnderen wiist by fertraging. Dat is lullich as men de hiele middei mei it swit op de holle sa'n negatyf symboal yn byld hat. Ik freegje geregeld oft sa'n DHL'er in bakje kofje ha wol, mar dêr is faak gjin tiid foar. Ik ha wolris ien hân dy't hielendal yn panyk wie. In jong fanke noch.  
'Nee nee nee, gjin kofje! Bin noch lang net klear!'

Fan 'e wike wie der ien dy't by sa'n fraach glimke.

'Graach,' sei er, 'it komt my net sa faak mear oer dat ik in bakje oanbean krij.'

'Eigen skuld,' sei ik, 'jimme binne faak sa hastich dat ik meastentiids allinne in stofwolk sjoch en as dy oplutsen is, stiet der in pakketsje yn de hal en brúst der in buske it hiem ôf.'

De man, dy't ik rûsde op sa'n santich jier, lake en wie sa ûntspand as wat.

'Ik meitsje my net sa drok. Sjoch, as men der in hypoteek fan ôflosse moat, dan stiet der druk op, mar ik krij geregeld wat oermakke fan de AOW en wat pensjoen. Nee, ik doch it foar de fervedaasje.'

Lakei wêze foar de ûntspanning? Bring dan iten del by de âlderein, dan tsjinnet it ek noch in goed doel. Soks sei ik ek tsjin him.

'Nee, dat komt te tichteby. Myn frou is foarich jier stoarn, se hat de lêste jierren fan har libben yn in rolstoel sitten en ik moast har oeral mei helpe.'

De hjitte swarte kofje kin er aardich daaie.

'Och, heal oerke letter thús, wat makket dat út?'

'En hasto ek sa'n app foar de motivaasje? It tomke sil by dy hast de hiele dei wol op 'e kop stean.'

'Ha ha, ja werklik wol, mar ik fergelykje it mei de dramatyske bylden op de sigaredoazen. Dat boadskip komt nei de tredde kochte ferpakking ek net mear oer.'

Mar wat in ferskil yn belibjen. It kin ek gjin sún wurk wêze as men der mei safolle stress yngiet lykas dat famke dat gjin kofje ha woe. Mar nettsjinsteande it feit dat de druk heech lei, fûn sy it wurk miskien wol bysûnder. Ik moast oan myn eigen wurk tinke. Eigen baas, moai ambacht, frij man, mar doe't ik fyftich jier âld wie, wol finaal ôfbrând.

Kinne wy immen noch rêde troch te warskôgjen foar de stress-duvel? Dogge se dêr yn de oplieding fan de bern ek wat mei? Moat ik de pakketbesoargers bygelyks yn de kantine opslute en harren ûnder in bakje kofje – of better noch mei in glês wetter en tsien paracetamoltsjes – ûnder hannen nimme? In preek hâlde, fertelle oer myn eigen ûnderfining? Mar ja, ik wie sels ek sa eigenwiis om my hielendal yn, ûnder en op it wurk te stoarten. Dêr hiene gjin master, gjin âlden, gjin dominy wat oan dwaan kinnen.

Ja, dy sweltsjes. Ek drok, want fyn tsjintwurdich mar in noflik plakje om in nêst te bouwen. Oan de oare kant: moai bûten, kinst oeral hinne fleane, gjin read tomke op it mobyltsje, gjin hypoteek, frij wenje en iten by de rûs. Dy sweltsjes sille wol gjin besef fan stress hawwe, it is in fêst libbenspatroan, meikrige yn in grutter plan. Sy kinne inkeld net stadich fleane, dan falle se bygelyks te pletter op de DHL-buskes.

Mar minsken kinne har wol oanpasse en soene eins net fleane moatte foar in DHL of hokker multinational dan ek. En beslist net krûpe as in lakei. Dat soe ús hiel wat minder lijen besoargje.

# Oanfinkfûgels

Meikoarten meie wy wer ris wat oanfinkje en dêrom moatte wy it efkes ha oer de frjemdste fûgelsekte yn ús ierdske foliêre: de samling pauwen, eksters, ûlen, roeken, finkjes, einen en pappegaaien yn de polityk. Der is wat mis mei dy ûnbidige populaasje: te folle feale kleuren. Want hoe giet soks? Dy fûgels wurde oerspuite yn in sels keazen RAL-kleur en betinke dêrnei in sankje dat se foarsjonge moatte by in keppel partijprotters op in prikje. Stimt de karkommisje dermei yn, dan komme se op de tentoanstelling yn in moaie kouwe foaroan yn de skynwerpers te hingjen. Wy grize downen kieze op de grutte dei dan op kleur of útstrieling en in inkelde kear op ynhâld en toanhichte fan it sankje. As guon fûgels falsk sjonge is it op sa'n dei amper te hearren, want se sjonge allegearre it heechste liet dwers trochinoar hinne en ja, dy't it fûlste lûd hat, falt it meast op.

Uteinlik kriget in bûnte samling fûgels de measte punten en dy moatte mei-inoar yn ôfdutsen foliêres yn lytse keamers efterôf besykje ta ien útfiering te kommen. Dat slagget nea fansels, it hat selden in fêst ritme, it is meastal in kanon of in slachsang dy't healwei ophâldt en yn moaiskyn stjert. Te folle kleuren, te folle lûden, it sjilpet, it âlet, it tetteret, it fluitet en it slimste is dat it komselden suver is. De measten fan ús, it stille grauwe folk dat dy bûnte reinbôge keazen hat, kin it net langer oan earen en eagen ferneare, en soe efterôf faaks it leafst in grutte rôffûgel keazen hawwe om fan dat ûnhuerich disharmoanysk flierefluitsjen ôf te wêzen.

No wol ik fansels ús politisy net bespotlik meitsje troch dy fergeliking, mar yn alle earnest, ik haw wol noed. Wêrom fertrou ik dy seleksje net mear? By alle fûgels dy't har hearre litte, yn hokker media dan ek, ha ik mar inkeld ris it gefoel dat it lûd oprjocht en it doel dúdlik is. Ik snap it dat de ferpakking moaier is as it boadskip, en ek dat der in taktyk ûnder sit, want sa binne wy grutbrocht, mar dat wy, de grize downen, net fernimme dat harren wurk fertuten docht, fyn ik kwealik. Earst al dy fleurige plannen tasizze en dan it ûnûntkomber draaien, ûntkennen en fertraagjen is it fallyt fan in systeem fan te folle partijen. Se moatte earst mei-inoar ris goed belied meitsje, dat mei arguminten rjochtfeardigje en it dan gewoanwei útfiere. Mei al dat ferskaat oan kleuren, al dat tsjotterjen tsjininoar op kinne dy frjemde fûgels fan har libbensdagen nea mienskiplik slachfeardich wêze!

Moatte wy net wat betters betinke? Ik doch in foarset. Waskje earst al dy fûgels mei tuskentinten en set dy fuordaliks oan it wurk yn de âldereinsoarch. Dan binne wy dêr klear mei. Kies út wat oerbliuwt ien tûke reade ûle, ien griene kanarje en ien eigenwize blauwe pau. Dy trije krije de lieding, bystien en op de wjukken sjoen troch in tal betûfte, hurd wurkjende protters. Wy litte se tsien jier bealgje en dêrnei moatte wy mar wer ris op 'e nij hearre hoe't de fûgels fluitsje.



# Rompslompdownen

In hurde of in sêfte Brexit, de Ingelsken witte wier net wêr't en hoe't se harren waarm nêst bouwe moatte. It binne krekt downen. No't it heve sil, is der in soad ûnmacht en kâlde drokte fan koeren en fladderjen. Yn harren sjike grize fearrepakjes lykje downen grutske fûgels, mar net folle letter sitte se as ferdwaasd midden op de dyk en kinst yn 'e remmen. Wolris sjoen hoe't houtdownen nêsten meitsje? Se litte wat takjes yn de beam falle as gewoan op in plat dak, produsearje dan in pear aaien en sette har dêrnei ûnferskillich ta brieden. It neiteam is lykwols lyts, want de aaien rôlje der samar út of it hiele splutsje falt mei in bytsje wyn út de beammen.

Wy sitte yn Dartford, ûnder Londen. Fanwegen it standbouwen yn it ExCel Exhibition Centre yn Londen is dat in goede útfalsbasis en sa kinne wy moai de sfear priuwe fan in lân yn djippe krisis. Dartford hat sa'n 57.000 ynwenners en in protte winkels, mar it sjocht der allegearre fertutearze út. Suterich yn de ferve, datearre reklame-buorden, stikkene keuzinen, lege winkels en in soad minsken misfoarme troch McDonalds. En dan de rommel: oeral peuken, blikjes, plestik pûden, gers yn de goaten en plattrape kaugom. Mar it oanfeien, opromjen, skjinmeitsjen en wat fervjen sil wol mear in kwestje fan mentaliteit wêze as in teken fan politike malêze.

Wat is der mei dit folk? Wy rinne in pub yn en kinne noch krekt wat bestelle. Om acht oere slute se al; dy lju krije harren nachtrêst wol. Wy bestelle in Ingelsk bier, in reade

wyn en wat iten. It is sa goedkeap net as yn Dútslân, mar it is goed. Fierderop, by The Royal Oak, wurde wy oansprutsen troch in flotte stamgast dy't efkes in peuk opsteekt. 'Ah, Dutchmen.' Hy hat noch yn Nimwegen en yn Dútslân by Kalkar wurke en fan him moatte wy efkes mei, dy pub ek yn. Sa geweldich as de man it foarstelt is it dêr net, mar in do hat no ien kear in oare smaak as in protter. It is gesellich drok mei locals, op trije telefyzjeskerms is Ingelsk fuotbaljen en dat is in moaie ferdivedaasje. In petear oer polityk sit der net yn, dizze jûn. De mânske Ingelske Guinness liket dea, sa delsein en útblust as in Ingelske do, mar smakket krêftich. As ik letter bûten wat ûnwis de pub nochris oersjoch spring ik hastich de stoepe op, oars ride se my ek samar noch fan 'e sokken.

It falt net ta om mei de grouwe Opel Movanobus, dêr't wy de stand en alle materialen fan de klant yn ferfiere, by de hal fan de Cleaning show te kommen. Earst yn de rigele stean foar in opboukaart en allegear papieren ynfolje, dan wachtsje oant der romte is by de hal, dêrnei útlade, bus fuortbringe en twa kilometer weromrinne. Letter nochris dy omslachte prosedure om it ark en de ferpakking wer yn te laden en krekt deselde formulieren yn te foljen as ik earder op ynternet ek al dien ha. Foar de klant is it in hiele toer om op in Britske beurs te stean. Moatst in hiele site troch mei allegear pdf's oer safety-rûles, mei wa'tst en hoe'tsto opbouwe silst, oer it ark, ljedders, ferbândoazen, bouhelms, safety-skuon en giele heskes. Yn ús lân, Dútslân en sels by de topburokraten, de Frânske beursorganisatoaren, is it folle effisjinter. Ik bin in foarstanner fan in grutte, sterke en slachfeardige Europeeske Uny mei in mienskiplike munt en sûnder fratsen oan grinzen.

De grize moaie downen hjir yn Ingelân moatte wol de útfiners wêze fan de trochsleine formuliere-binde. Se litte oeral tûkjes falle en notearje dan yn fjouwerfâld wêr't en hoe't dy tûkjes falle. En mar koere en fladderje. As dy Ingelske downen no earst de eigen papierboel ris oprâne en harren tille opromje, dan nim ik by it standbouwen takomme kear foar harren nêst wol in fredestûkje mei. Wy moatte harren mar yn leafde oanhelje, want úteinlik binne it fan oarsprong ek Friezen, allinne noch wat grutsker as wy.

Och, it is gjin ferkeard folkje.

# Lústerfinken

Mynhear Slot, learaar op de ambachtsskoalle op It Hearrenfean warskôge ús der fyftich jier lyn al foar: ‘Jonges, wy moatte oppasse foar de Sinees. Us regear is deabenaud foar de Rus, mar tink om myn wurden: de Maoïsten, dy sille komme. By miljoenen tagelyk.’ Hy liet ús in plaatsje sjen fan in dikke spiersterke Sinees mei in samoerai-sward. Ik wie eartiids net sa skitende benaud, mar doe’t ik letter nei hûs fytste, miende ik efter eltse ikebeam lâns de Falkenawei al in Sinees te sjen. Heit makke der in grapke oer. ‘Sit der mar net oer yn, Jan. Se komme de Tsjonger by Mildaam net oer. Muoike Anne draait gewoan de brêge omheech.’

Blykber hawwe de Sinezen it noch net oan tiid hân om dizze kant út te fleanen, mar no hearde ik in skoftsje lyn fan ús premier dat se net sels komme, mar mobyltsjes ferstjoere. Kompleet mei in hiel 5G-netwurk. Spannende spionaazje. Spitich dat master Slot dat net mear meimeitsje mocht.

It berjocht oer Huawei makket my net mear bang, mar it set jin wol oan it tinken. En juster wie ik ynienen ferbjustere doe’t ik seach mei hokker mobyltsje myn frou al in pear moanne omrint: krekt, in Sineeske Huawei! Blinders, de Sinezen sitte ek al yn Jonkerslân.

It skynt dat dy apparaten alderhande digitale berjochten oerstjoere. Net allinne bylden, mar ek lûden en miskien ek ús luchtsjes. Wat witte se fan my? Ik betocht dat ik dat ding ek wolris yn de bûse ha. Scanne se de ynhâld en seit dat wat oer